



Kryst 2020 is een andere Kerst dan andere jaren, maar het blijft het feest van verhalen en muziek, van licht en hoop. Vandaag zendt Omrop Fryslân een bijzonder kerstconcert uit, met als thema:

‘Thús mei Kryst’

Het concert is opgenomen in de Martinikerk in Franeker en wordt uitgevoerd door vijf Friese muzikale vrienden: *Tetsje van der Kooi* (sopraan), *Astrid den Daas* (klarinet), *Wytske Holtrop* (cello), *Frans Douwe Slot* (piano) en *Jochem Schuurman* (orgel en harmonium).

Wij vragen graag een bijdrage voor de onkosten van het concert en voor twee goede doelen die wij en velen van u een warm hart toedragen:

- **War Child**, de organisatie die oorlogskinderen helpt een nieuwe toekomst op te bouwen. We dragen dit concert op aan alle kinderen die geen thuis hebben om Kerst te vieren.
- **Musici in coronatijd**. We ondersteunen Friese musici in coronatijd door waar mogelijk initiatieven te ontplooiën in de vorm van livestream concerten en concerten voor kleine groepen.

Uw gift is zeer welkom op:

Stichting Orgel Franeker, NL06 RBRB 0931 0828 46. Graag met vermelding: ‘Thús mei Kryst’

Programma

'Stjer fan de winternacht, wêr hasto west?' Sa soe yn it Frysk de begjinrigel klonken hawwe fan 'Starlight', in eigentiids krystliet op tekst en muzyk fan Giles Swayne. 'Wêr hasto west?' Dy fraach hat miskien mear minsken op 'e lippen lein dit jier. Stjer fan de nacht, âld boadskip fan leafde, wêr wiesto al dy tiid? We fielden sa'n ôfstân tusken ús en de himel. Ofstân tusken elkoar. Wij, bewenners fan dizze planeet, taaste bytiden yn it tsjuster. Stjer, wês oanwêzich. En tink om ús.

Starlight

Star of the winternight
Where have you been?
Why do you burn so bright?
What does it mean?
Star of the winternight
Teach me to share your light
And understand the sight
That you have seen

Starlight is spreading across the sky
Tonight we're reading a message by Starlight
And the message is Love

Stars looking back at me
Burning so bright
Shine through the Galaxy
Spreading your light
Fill every part of Space
With Jesus' love and grace:
Bless all the human race
On Christmas Night

Starlight is spreading across the sky
Tonight we're reading a message by Starlight
And the message is Love

People of Planet Earth
Hear what I say
God sends you Jesus' birth
On Christmas Day
Comfort and joy he brings
Peace, hope and love he sings
Driving the Devil's wings
Far, far away

Starlight is spreading across the sky
Tonight we're reading a message by Starlight
And the message is Love

Tekst en muzyk Giles Swayne
Arranzjemint Jacco Lamfers

'Fast away the old year passes'. Frij fertaald: it âlde jier befrijt him fan syn lêste dagen. Wij rinne op ús lêste fuotten en sjogge op in grize tiid werom. As wie de glâns derôf en neat mear goed te krijen. De rigel komt út 'Deck the Hall', in Welse traditional út de 16^e iuw. 'Deck the hall' wol safolle sizze as: fersier jim wente, hingje bôgen op, en ferjit net it grien fan de hulst. Sa ûnthâldt de winter it paad nei de maityd, en bliuwt net alles bij it âlde.

Deck the Hall

Deck the hall with boughs of holly
Fa la la la la, la la la la
'Tis the season to be jolly
Fa la la la la,

Don we now our gay apparel
Fa la la la la,

Troll the ancient Yuletide carol
Fa la la la la,

See the blazing yule before us
Fa la la la la,

Strike the harp and join the chorus
Fa la la la la,

Follow me in merry measure
Fa la la la la,

While I tell of Yuletide treasure
Fa la la la la,

Fast away the old year passes
Fa la la la la,

Hail the new, ye lads and lasses
Fa la la la la,

Sing we joyous all together
Fa la la la la,

Heedless of the wind and weather
Fa la la la la,

Traditional
Tekst Thomas Oliphant
Bewurking Jacco Lamfers

Fan 'Carol of the Russian Children' binne oer de hiele wrâld tal fan arranzjeminten bekend. Fan swiersettich-traach oant en mei lichtfuottich-dûnsjend, en alles wat dêr tuskenyn sit. As stelde sa dit âlde krystliet ús ek noch in fraach. Hoe swier sette wij it tsjuster oan? Hoe iepen stean we foar it ljocht? Arranzjeur Jacco Lamfers hat syn eigen kleur oanbrocht.

Carol of the Russian Children

Snowbound mountains, snowbound valleys,
Snowbound plateaus, clad in white,
Fur-robed moujiks, fur-robed nobles,
Fur-robed children, see the Light.
Shaggy pony, shaggy oxen,
Gentle shepherds wait the Light;
Little Jesu, little Mother,
Good Saint Joseph, come this night.
Fur-robed moujiks, fur-robed nobles,
Fur-robed children, wait the Light.

Traditional

Arranzjemint Jacco Lamfers

Hoeders krigen as earsten it ljocht te sjen. It wie in stille en hillige nacht, sa't we allegear witte út de ferneamdste krystsang oait. Dy fynt syn oarsprong yn Salzburg, dêr't it op earste krystdei 1818 oan syn wide flecht begûn. Op muzyk fan Franz Gruber klonken doe de Dútse wurden fan Joseph Mohr yn de St.-Nikolaus-Kirche fan Oberndorf. 'Stille nacht' is hjoed te sjonen yn 140 talen. Dêr't we no trije fan hearre.

Stille nacht

Stille nacht, hillige nacht
Stjerreglâns, inglewacht
't Bern dat mannichten silligje sil
Dreamt yn 't krêbke en glimket sa stil
Rêst yn sillige slom

Stille nacht, heilige nacht
Davids zoon, lang verwacht
Die miljoenen eens zaligen zal
Wordt geboren in Betlehems stal
Hij, der schepselen Heer

Stille Nacht, heilige Nacht
Alles schläft, einsam wacht
Nur das traute hochheilige Paar
Holder Knabe im lockigen Haar
Schlaf in himmlischer Ruh

Tekst Joseph Mohr
Muzyk Franz Gruber
Arranzjemint Jacco Lamfers

Louis-Claude Daquin spile op syn seisde al foar Loadewyk XIV. Hij wie fan 1755-1772 oargelist fan de Notre-Dame yn Parys. Daquin wie ek klavesimbelspiler en komponist. Der is fan him ien Livre d'Orgue bewarre bleaun, dat tolve 'Noëls' befettet. Stik foar stik fariaasjes op bekende krystlieten. Wa't Jochem Schuurman ken, wit dat oargelbarok bij him yn fertroude hannen is. Soms meitsje noaten wurden oerstallich. Dy skine der noch genôch trochhinne.

'Noël' fan Louis-Claude Daquin
Fariaasjes op 'Midden yn 'e winternacht', spile troch Jochem Schuurman

It like wol ien en al frede midden yn dy winternacht. Krekt as waard it berntsje net bedrige troch kjeld. Wa wit wie dy altyd smûk tochte stâl wol in iepen grot dêr't it siigde. Dichter Fedde Schurer makke der teminsten noch in kâld en tsjuster bûthús fan. Sa komt de stâl wol ticht bij hûs, mar ferlieze we net it sicht op de werklikheid. 'Dêrjinsen yn 't bûthús' is in ferfrysking fan 'Away in a Manger', lang taskreaun oan Maarten Luther, mar it wurk fan de Amerikaan William Kirkpatrick.

Dêrjinsen yn 't bûthús

Dêrjinsen yn 't bûthús, sa dûnker en kâld,
kaam ienris de lytse Hear Jezus te wrâld.
Dêr skynde in stjerre, sa wûnder en rea.
De lytse Hear Jezus moast sliepe yn 't hea.

Stil leine de bisten en kôgen wat griens,
en lytse Hear Jezus, hij skriemde net iens.
O leave Hear Jezus, sjoch mij ek ris oan,
En bliuw mij neibij oant de daagjende moarn.

Bliuw bij mij, Hear Jezus, ferlit mij dochs net,
bliuw altyd deun bij mij en hear myn gebed.
En nûgj' alle bern dy't om 't krêbke no stean,
om ienkear mei Jo nei de himel te gean.

Tekst en muzyk William J. Kirkpatrick
Oersetting Fedde Schurer
Arranzjemint Jacco Lamfers

‘Entre le boeuf et l’âne gris’. Dêr is gjin wurd Frysk bij, mar de betsjutting is helder: tusken de okse en de grize ezel. ‘Dort, dort, dort le petit fils’. Mei oare wurden: dêr kaam de lytse minskesoan te wrâld en lei er fredich te sliepen. Tusken de bisten dy’t wij foar domkoppen hâlde. De Frânse tekst giet werom nei de 13^o iuw. Sa âld is al de rop om wiisheid. De toansetting is fan Willem Pijper, yn ús lân beskôge as ien fan de foarnaamste komponisten fan de 20^e iuw.

Entre le boeuf et l’âne gris

Entre le boeuf et l’âne gris
Dort, dort, dort le petit fils.
Mille anges divins, mille séraphins
Volent à l’entour de ce Dieu d’amour.

Entre les deux bras de Marie
Dort, dort, dort le petit fils.
Mille anges divins, mille séraphins
Volent à l’entour de ce Dieu d’amour.

Entre les roses et les lis
Dort, dort, dort le petit fils.
Mille anges divins, mille séraphins
Volent à l’entour de ce Dieu d’amour.

Traditional
Muzyk Willem Pijper

De tekst fan ‘Bern yn ’e krêbe’ is oarspronklik skreaun yn it Gaelic troch Mary MacDonald, en letter yn it Ingels oerset troch Lachlan MacBean. Eppie Dam fertaalde it nei it Frysk. Mei syn tradisjonele meldij is it in liet mei âlde woartels. Jezus wurdt tekene yn syn kwetsberens, dy’t al yn ’e krêbe oan him te sjen wie, en him bliuwend beselskippe as bern fan ’e ierde.

Bern yn ’e krêbe

Bern yn ’e krêbe, soan fan Maria,
skoovling en rêder, tsjinstfeint en Hear,
bern dat ús brekken weinimt en hielet,
bern fan ’e rekken, ús ommekear.

Bern fan ’e frede, roppen ta kening,
kwetsber en needrich ta eigen skea.
Bern fan ’e sinne, delgeand ferhege,
hij de oerwinner fan nacht en dea.

Bern troch profeten earder besongen;
ingels ferheegje him op syn troan.
Wol hulde biede 't bern dat ús lok is,
bern fan 'e ierde, Gods minskesoan.

Traditional

Tekst Mary MacDonald (Gaelic)
Oersetting Lachlan MacBean (Ingels)
Oersetting Eppie Dam (Frysk)
Arranzjemint Jacco Lamfers

'Carol of the Drum' (ek bekend as 'The Little Drummer Boy') is it meast covere krystliet oait. Der binne mear as 200 ferzys fan, yn 7 talen mar leafst. Tekst en muzyk waarden yn 1941 skreaun troch pianiste Katherine Davis. Neffens it partituer soe de meldij weromgean op in krystsankje út Tsjechië. De tekst fertelt oer in strjitearme jonge dy't de nijberne kening gjin djoere geskinken jaan kin. Mar hij wol net mei lege hannen stean en bringt him de iennige jefte dy't er hat: in roffel op 'e tromme. Lytse Jezus begrypt de earmoed en laket tankber.

Carol of the Drum

Come, they told me pa-rum pum pum pum
Our newborn King to see pa-rum pum pum pum
Our finest gifts we bring pa-rum pum pum pum
To lay before the King pa-rum pum pum pum
Rum pum pum pum, rum pum pum pum
So to honor Him pa-rum pum pum pum
When we come

Little Baby pa-rum pum pum pum
I am a poor boy too, pa-rum pum pum pum
I have no gift to bring pa-rum pum pum pum
That's fit to give our King pa-rum pum pum pum
Rum pum pum pum, rum pum pum pum
Shall I play for you, pa-rum pum pum pum
on my drum?

Mary nodded pa-rum pum pum pum
Ox and ass kept time pa-rum pum pum pum
I played my drum for Him pa-rum pum pum pum
I played my best for Him pa-rum pum pum pum
Rum pum pum pum, rum pum pum pum
Then He smiled at me pa-rum pum pum pum
Me and my drum

Traditional

Tekst en muzyk Katherine K. Davis

Nei it tromgeroffel mei de poppe earst wol sliepe. Of makke it sliepende soldaten wekker? Wie it gjin oarlochsgeroft en in teken fan wapengekletter? Hoe dan ek is de setting fan Maria's widzesankje ynienen folle breder. It kin samar songen wurde troch elke mem yn elke tiid. Sa bliid makket ús de takomst net. 'Mariä Wiegenlied', op wurden fan Martin Boelitz en muzyk fan Max Reger, bepaalt ús bij de kwetsberens fan alle bern: de noed fan elke mem.

Mariä Wiegenlied

Maria sitzt am Rosenhag
Und wiegt ihr Jesuskind,
Durch die Blätter leise
Weht der warme Sommerwind.
Zu ihren Füßen singt
Ein buntes Vögelein:
Schlaf, Kindlein, süße,
Schlaf nun ein!

Hold ist dein Lächeln,
Holder deines Schlummers Lust,
Leg dein müdes Köpfchen
Fest an deiner Mutter Brust!
Schlaf, Kindlein, süße,
Schlaf nun ein!

Tekst Martin Boelitz
Muzyk Max Reger
Bewurking Jacco Lamfers

Lytse Jezus begjint te rinnen. De earste stappen op syn libbenswei. En oeral komme minsken wei, ree om him te folgjen en wurk te meitsjen fan it boadskip fan leafde. 'How beautiful are the feet of them that preach the gospel of peace'. Sa stiet it letterlik yn it Nije Testamint. En kaam it letter yn de 'Messiah' fan Händel, in oratorium út 1741, noch altyd aktueel foar minsken dy't it paad fan frede wolle.

How beautiful are the feet

How beautiful are the feet of them
that preach the gospel of peace.
How beautiful are the feet,
How beautiful are the feet of them
that preach the gospel of peace.

How beautiful are the feet of them
that preach the gospel of peace,
and bring glad tidings
and bring glad tidings,
glad tidings of good things

And bring glad tidings,
glad tidings of good things.
And bring glad tidings,
glad tidings of good things,
glad tidings of good things.

Muzyk Georg Friedrich Händel, 'Messiah'

Winter iepenbieret him yn alle toanaarden. Wat kleur hie wurdt griis, wetter feroaret yn iis, alles wat streamde stiet stil. It is in moedich hert dat dêr tsjinoan kin. Soms ûntbrekke ús de wurden, of se brekke ús op. Mar dan klinkt der altyd noch muzyk. Gustav Holst betocht syn fariaasjes op 'In the Bleak Midwinter', no ynstrumintaal fertolke troch Astrid den Daas, Wytske Holtrop en Frans Douwe Slot.

'In the Bleak Midwinter' fan Gustav Holst

Spile troch Astrid den Daas, Wytske Holtrop en Frans Douwe Slot

Nei in bewurking fan Sheku Kanneh-Mason

We kinne Kryst sa misse. It lit ús tinke oan minsken dy't der net mear binne, foar altyd ûnberikber. Gjin feest dat sa ûnwennich makket, mei takomst yn it ûngewisse. Sarah McLachlan en Pierre Marchand, beide út Kanada ôfkomstich, ferwurden yn 'Wintersong' dy hast net út te steane pine. En noch kin Kryst gelokkich meitsje, troch yn weemoed oan dy Kryst werom te tinken. Dan kin ynienen de stjer fan in ferstoarne oan 'e himel ferskine. Of yn in deidream, as teken fan gemis.

Wintersong

The lake is frozen over
The trees are white with snow
And all around
Reminders of you
Are everywhere I go

It's late and morning's in no hurry
But sleep won't set me free
I lie awake and try to recall
How your body felt beside me
When silence gets too hard to handle
And the night too long

And this is how I see you
In the snow on Christmas morning
Love and happiness surround you
As you throw your arms up to the sky
I keep this moment by and by

Oh I miss you now, my love
Merry Christmas, merry Christmas,
Merry Christmas, my love

Sense of joy fills the air
And I daydream and I stare
Up at the tree and I see
Your star up there

And this is how I see you
In the snow on Christmas morning
Love and happiness surround you
As you throw your arms up to the sky
I keep this moment by and by

Tekst en muzyk Sarah McLachlan en Pierre Marchand
Arranzjemint Jacco Lamfers

Yn sa'n treastleaze winter kin ein desimber noch in útkomst wêze. 'Jul, jul, strålande jul' – dêr strielt de krystgedachte fan ôf. Sjong psalmen en gesangen, leau yn ferskes fan ferlangen. Wa wit wurdsto wol minder bang. De ierde wachtet al sa lang op dingen dy't feroarje. Tiid om yn te stimmen mei dizze hymne út it kâldste noarden. Soms moat de wrâld mei hoop ferovere wurde.

Jul, jul, strålande jul

Jul, jul, strålande jul,
Glans över vita skogar,
Himmelens kronor med gnistrande ljus.
Glimmande bågar i alla Guds hus,
Psalm, som är sjungen från tid till tid,
Ewiga längtan till ljus och frid!
Jul, jul, strålande jul,
Glans över vita skogar!

Kom, kom, signade jul!
Sänk dina vita vingar
över stridernas blod och larm,
över all suckan ur människobarm,
över de slakten som gå till ro,
över de ungas dagande bo!
Kom, kom, signade jul,
Sänk dina vita vingar!

Tekst Edvard Evers
Muzyk Gustav Nordquist

Soms lit in stjer net út te wiskjen spoaren nei. Mar in stim kin ek. Yn july 1933 heinde John Jacob Niles, ûnderweis yn North Carolina, flarden op fan godlik songen rigels. Se kamen út 'e mûle fan in fertuteaze jonge frou mei it lûd fan in ingel. It wie midsimmer, mar foar him al hast desimber. Fan hûs út lietsjesamler, komponist en sjonger, wurke Niles in healjier oan 'I wonder as I wander'. Hij fierde it dy winter sels as earste út yn Brasstown. Dêrnei gie it de wrâld oer. Om hjir jûn del te kommen.

I wonder as I wander

I wonder as I wander out under the sky,
How Jesus the Saviour did come for to die.
For poor on'ry people like you and like I...
I wonder as I wander out under the sky.

When Mary birthed Jesus 'twas in a cow's stall,
With wise men and farmers and shepherds and all.
But high from God's heaven a star's light did fall,
And the promise of ages it then did recall.

If Jesus had wanted for any wee thing,
A star in the sky, or a bird on the wing,
Or all of God's angels in heav'n for to sing,
He surely could have it, 'cause he was the King.

I wonder as I wander out under the sky,
How Jesus the Saviour did come for to die.
For poor on'ry people like you and like I...
I wonder as I wander out under the sky.

Tekst en muzyk John Jacob Niles
Nei in bewurking fan Svante Henryson

Klokken litte twa gelûden hearre. Se tinkelje as beltsjes yn 'e widze, se droane bij ferstjerren. Se kinne djip en drôf, mar ek sprankeljend en heech. Se stelle gerêst en meitsje ûnrêstich. Klokken binne de mjitslach fan it libben, dat gjin dei feilich en altyd yn gefaar is. Mykola Leontovych út Ukraïne komponearre 'Carol of the Bells' yn 1914, doe't de klokken him as muzyk yn 'e earen klonken. Fiif jier letter waard er fermoarde troch in Sovjet-agint.

'Carol of the Bells' fan Mykola Leontovych

Troch Frans Douwe Slot, Jochem Schuurman, Astrid den Daas en Wytske Holtrop
Bewurking Frans Douwe Slot

Oer twa gelûden sprutsen. Moat 'White Christmas' wol yn in swarte wrâld as dizze? En – foar guon noch helte slimmer – yn in tawijd programma as dit? Wat is frede wurdich as it net mear is as in tin laachje snie? Der is al yllúzje, fraaie ferpakking en tadekkende taal genôch. Sjoch nei it lân ûntstean, oait de Nije Wrâld neamd, mar ferfallen ta glitter en kommersje. Miskien helpt as we witte dat Irving Berlin it skreaun hat om 1940 hinne, doe't de wrâld oan 'e foarjûn stie fan in lange, lange nacht. En soldaten, jier op jier, krystkaarten nei it thúsfront stjoerden. Adressearre oan in leafste of in mem.

White Christmas

I'm dreaming of a white Christmas
Just like the ones I used to know
Where the treetops glisten
And children listen
To hear sleigh bells in the snow

I'm dreaming of a white Christmas
With every Christmas card I write
"May your days be merry and bright
And may all your Christmas' be white"

Tekst en muzyk Irving Berlin
Arranzjemint Jacco Lamfers

It kin net oars as in grutte oergong wêze nei it slotliet 'Cantique de Noël'. Mar soms moatte minsken grutte stappen meitsje. Om wille fan de frede op ierde. En de frede yn harsels. Us tiid blinkt net út yn ferbinen, en elk hat syn eigen ferlosser. Mar ergens is mienskiplik ljocht te finen. De wrâld trillet fan hoop, de ierde wol wer libje, it sielsferlerne hert wer iepen. Wat ien stjer dy't Leafde neamd wurdt al net teweechbringe kin: Jezus berne. It is oan ús om te skinen.

Cantique de Noël

Minuit, Chrétien, c'est l'heure solennelle
Où l'homme Dieu descendit jusqu'à nous
Pour effacer la tache originelle
Et de Son Père arrêter le courroux
Le monde entier tressaille d'espérance
A cette nuit qui lui donne un sauveur
Peuple, à genoux, attends ta délivrance
Noël! Noël! voici le Rédempteur
Noël! Noël! voici le Rédempteur

Le Rédempteur a brisé toute entrave
La terre est libre et le ciel est ouvert
Il voit un frère ou n'était qu'un esclave
L'amour unit ceux qu'enchaînait le fer
Qui lui dira notre reconnaissance,
C'est pour nous tous qu'il naît
Qu'il souffre et meurt
Peuple debout, chante ta délivrance
Noël! Noël! voici le Rédempteur
Noel, Noel, voici le Rédempteur

Tekst Cappeau de Roquemaure
Muzyk Adolphe Adam
Bewurking Jacco Lamfers

Mei tank oan:

Aline Fashion | Burgum
Bandsma Bultje Verhuizingen | Leeuwarden
De Boer & Egberts Advocaten | Leeuwarden
Kwaliteitsvlees Van Huisstede | Dronryp

Jacco Lamfers | Arranzjeminten
Eppie Dam | Fryske teksten
Bloembinderij Tjarda | Oanklaaiing tsjerke
Anne Sollie Pianotechniek | Fleugel
Gerben van der Veen | Harmoanium
Beauty Style | Fizazjy